


lêsbrief

DE LYTSE WALFISK



|.s

Benji Davies

yntroduksje - sjonge - opsiferske - boartsje - nifelje - ferhaal

Yntroduksje

Nedich: skulpen, sân, in stik hout dat 'oanspield' is, in stien, fear.

Lis it guod op 'e tafel. Witte de bern wat it is? Wêr kinst dizze dingen fine? Op it strân.

Hawwe de bern wolris op it strân west? Wat is der allegear te sjen op it strân? Hawwe se wolris wat meinaam fan it strân?

It ferhaal

Boi wennet mei syn heit en seis katten yn in lyts fiskershúske. Op in moarn fynt er in lytse walfisk dy't op it strân oanspield is. Dat is it begjin fan in bysûndere freonskip...



Sjonge: De wyn yn 'e beammen

Ut Krabbekoer, nr 8. Tekst en muzyk: Ilona M.A. de Vries – Bonnema

Op in nacht tjirge in stoarm om it hûs fan Boy. Wat is in stoarm? Doch mei de bern krekt oft jim beammen binne. Stek de hannen yn 'e loft en swaai mei de earms. Hoe beweegt de beam as it in bytsje waait? Wat docht de beam by in stoarm? Lústerje nei de tekst fan it ferske en doch de bewegings mei.

De beam - men stea - ne rjocht, de
beam - men stea - ne krom. De wyn dy blaast se
hinn' en wer, se fal - le no hast om.

Opsiferske

Boy moat ôfskie nimme fan syn freontsje. Hoe sizze de bern dach tsjin inoar?

Dach freontsje!

In hantsje,
in knypeach,
in knuffel,
it tût!

Wannear bist der wer?

Ik sjoch dernei út!

Sis it opsiferske op mei de bern en doch de bewegings. Swaai nei de bern, jou in hân, jou in knypeach, knuffelje en jou of blaas in tûtsje.

Boartsje: picknicke

Nedich: in picknickmand, in (picknick) kleed, wat lekkers, wat drinken, evt. boardsjes en bekers.

Boy giet mei syn heit te picknicken. Fertel dat jim ek te picknicken gean. Witte de bern wat dat is? Wat moat der dan allegear mei? Lit de bern it guod yn de mand dwaan en beneam hieltyd wat se dogge. Kinne de bern de mand noch tille? Sykje in moai plakje (binnen of bûten) om te picknicken. Lis it kleed mei-inoar del. Passe alle bern derop? Picknicke mar!

Nifelje: In walfisk yn bad

Nedich: lege wc-rôltsjes, blau papier, walfisk fan griis papier, wite verve, wyt fel papier
Tarieding: Knip in walfisk út it grize papier en plak dy op it blauwe papier.
Lit de bern de iepening fan it wc-rôltsje sachtsjes yn de ferve drukke. No kinne se rûntsjes stimpelje op it blauwe papier mei de walfisk. De wite rûntsjes binne de luchtbellens yn it bad. Knip it blauwe papier mei de walfisk en de luchtbellens út. Dat is it bad. Plak it op in wyt fel.

